

Jaargang 6, 2002 nr. **2**



Klaaikluten

Nijsbrief fan de Stifting ArgHis



De tichtsetfiskerij fan Fritsma yn Rien, mei it sicht op Lytsewierum (1972)

**COLOFON**

Klaaikluten verschijnt enkele malen per jaar en wordt uitgegeven door de
Stifting ARGEOLOGYSK-HISTOARYSKE RUNTE
Littenseradiel

Stifting ArgHis

Correspondentieadres:
J. Scheffer De Terp 11, 8831 ZG Winsum (Fr.)

Bestuur:	
S.Fopma	voorzitter
J. Scheffer	secretaris
J. Kersbergen	penningmeester
Ph. H. Breuker	werkgroep Historie
Th. Kuipers	werkgroep Historie
D.E. de Hoop	werkgroep Archeologie

Redactie Klaaikluten: Ph. H. Breuker
Th. Kuipers

Vormgeving en opmaak: F.J. Sieperda,
De Finne 20,
9022 AZ Mantgum
frit_siep@hotmail.com

Correspondentieadres: Ph. Breuker, Singel 1,
8635 MK Boazum
Th. Kuipers, De Ponge 4,
9022 BA Mantgum
e-mail: tkdeponge@planet.nl

Wurd foarôf

Foar jim leit it twadde nûmer fan dit jier. Ek dizze kear ha wy in tal minsken ree fûn om in bydrage te skriuwen. Dat hat resultearre yn in pear nijsgjirrige artikels. Wy iepenje mei in ferhaal fan Jelle Miedema oer ferskillen en oerienkomsten fan de tichtsetfiskerij yn Rien en Nij-Guinea. De foto's by syn ferhaal binne fan histoarysk belang. Se jouwe in prachtich byld fan in stikje binnenfeartfiskerij dat der no net mear is. Robijn Steensma hat him in pear jier ferlyn yn Mantgum te wenjen set. As provinsjaal argyfamtner moast dat wol liede ta ûndersyk nei de histoarje fan it hûs en syn bewenners. Wy soene tenei wol wat mear fan sokke bewennings-skiednissen opnimme wolle. Theo Kuipers hat de niverheidsenkête fan 1819 foar Hinnaarderadiel en Baarderadiel ûnder in fergrutglês holden. Flippus Breuker jout in oanfolling op de niverheidsenkête mei in stik oer de skipmakkerij op Kromwâl. Auke H. de Vries slút de rij mei in ferhaal oer syn bernejierren in de Wommelser Súdhoeke en oer oare famylje oantinkens yn dizze omkriten. In spesjaal wurd fan dank oan ús foarmjouwer Frits Sieperda. Hy hat der wer in protte wurk fan han, mar it resultaat kin besjen leie. Stikken foar it kommende nûmer graach foar 1 novimber stjoere nei de redaksje.

De redaksje

Erratum

In het vorige nummer zijn de bijschriften bij de foto's op blz. 7 en 8 per ongeluk verwisseld.



Tichtsetfiskerij

Fan Rien oant Ayamaru

Jelle Miedema

Nei Itens komt Rien. En nei 'Itens en Teminabuan' (Klaaikluten 2001/3) komt 'Rien en Ayamaru'. Dat sit sa.

Yn Grins wie ik nei in kandidaats sosjology oerstapt op antropology (folkenkunde), foaral omdat dy stúdzje in staaazje yn it bûtenlân ynhâlde; myn motto wie doe Frysk, Frij en Fuort. Foar dy staaazje moast ûndersyk dien wurde nei de fiskrjochten fan de Samen (Lappen) yn Sweden, mar ik hie neat mei fiskerij. Wolris by de suvelfabryk yn Wommels in fiskje fongen foar de kat, mar dêr wie ek alles mei sein. Ik krige de rie as tarieding in ynterview te hâlden mei in fisker en dat waard (yn 1972) Fritsma yn Rien. Wêrom Fritsma? No, simpel omdat it skildereftige byld fan syn tichtsetfiskerij op myn netflues hingjen bleaun wie en ik as klaaiklute sa gau ek net in oare fisker betinke koe. Doe't ik Fritsma fernijde dat ik ea mei syn dochter Sara op de Mulo yn Wommels sitten hie, wie it iis gau brutsen en ik nei Rien ta.

Fritsma blik in fisker yn ieren en sinen en mei nocht lei hy út hoe't de tichtsetfiskerij om en ta gong. Hy hie in hiel soad nijsgjirrige dingen te fertellen oer in nearing sa tichteby en dochs ûnbekend. Wat de tichtsetfiskerij ynhold seit it wurd eins sels al. In brede feart wurdt ôfset mei in grut net yn it midden dat op en del kin, it "middenskot" mei oan wjerskanten dêrfan fêste "wâlskotten". Yn dy lêste netten sitte iepeningen wêrefter fûken opsteld steane om de fisk op te heinen. Yn foaral de tiid fan de beropsfeart kaam it der op oan dat it grutte tichtsetnet op 'e tiid del moast foar in frachtboat. Dat grutte net stie meast allinnich nachts omheech, mar ek dan wie noch wol ris in skipper op paad. Je moasten dan as fisker wol yn 'e buert wêze, dus flakby wenje. Bûten de buorren waard ek wol mei fûken fiske,

mar dan moasten je útsjen dat net oaren de fûken leech hellen. Der waard fiske op iel en bûten de tichtsetfiskerij om ek op bears en snoek - mei in modderblei dêr op ta. "Dy ieten wy ek wol", seine Fritsma's dochters Gryt en Sjoukje (doe't ik harren der letter op oanspruts), "mar dy modderbleien wiene mear graad as fisk". De iel en snoek gongen nei in restaurant, de rest nei in fiskmoalfabryk. En yn skrale tiden soarge mollefangerij foar oanfoljende ynkomsten.

Fritsma's heit en pake wiene ek beropsfisker en sels kaam Jan Fritsma as jonge fan trettjien jier al yn it fak. In skou kompleet mei opboarden en bun makken de Fritsma's sels en mei in aak trokken hja froeger hinne en wer oer de binnenwetters fan Hennaarderadiel. Fûken hiene hja útstean by Rien, Spyktille, yn Easterein en Wommels, mar ek wol yn Toppenhuzen. Fiskwetter yn Hennaarderadiel waard pachte en foar fiskplakken bûten Hennaarderadiel hie Fritsma fergunningen. Yn lettere jierren, mei de opkomst fan de sportfiskerij, gong dat foaral om "ielrjocht" (p.c. Sjoukje Fritsma, 2002).

Fritsma wie ek oars aktyf. Hy siet yn it bestjoer fan it Fryske Bûn fan Binnenfiskers en hichtepunten wiene de jierlikse gearkomsten yn de herberch fan Jikke Osinga yn Snits. Dat wiene iepenbiere gearkomsten, mar pottekikers hiene de fiskers der leaver net by. Dat wie der in frjemde gast, dan wist frou Osinga der wol rie mei.

Letter waard Fritsma sanearre. Dernei gong hy noch wol wat troch mei de fiskerij, mar as hobby - sa as no syn soan Meindert dat noch docht. Jan Fritsma stoar yn 1998, twaennjoggentich jier âld. Dêrmei ferdwûn in âld berop út ús kontreien. Mar yn 1972 waard Fritsma mei syn fiskerij ferivige,



foto 1 + 2: Oersicht fan'e tichtsetfiskerij mei ark. Twa bunnen en in net hingje te droegjen; ien bun leit yn it wetter. Lofts de lier wêrmei't it tichsetnet op en del helle waard.



foto 3 + 4: De fangst wurdt oerhevele yn in netsje dat klearhinet yn'e bun fan de skou.



foto 5 + 6: De iel wurdt fanút de bun fan de skou oerbrocht yn de grutte bun oan'e wâlskant by hûs.



wêrfan bygeand in stikmannich plaatsjes. Bylden út in net iens sa fier ferline, mar net minder skiednis.

Laplân slaan ik no oer (it fiskerij-ûndersyk dêr slagge tige, dêr net fan) en we geane rjochtstreeks nei it saneamde Fûgelkopskiereilân fan westlik Nij-Guinea (no Papua neamd), wêr ik fan 1975 oant 1981 tahâlde. Dêr moast ik fanút Teminabuan oan de súdwestkust nei Ayamaru yn it binnenlân om ûndersyk te dwaan nei de kultuur fan de Maybrat of Ayamaru-minsken. No betsjut *maru* marren en it trof moai dat der op de marren fan Ayamaru omraak fiske waard. Nei Rien yn Fryslân en Arjeplog yn Laplân hie fiskerij en alles dêr om hinne myn belangstelling krigen, ek omdat it in soad ynformaasje oer oare saken opleverje kin. Dus as it mar efkes koe dan gong ik mei de marren op. Net sa moai wie it dat op dy marren yntusken mei nylonnetten fiske waard. Dêrmei koe wol in flinke haal dien wurde, mar de meskwiidte fan dy netten wie yn in pear jier tiid wol al fan “fiif nei fjouwer fingers” wêrom brocht. Lokkich koe der net altiten mei netten fiske wurde. As it tige reind hie dan kaam der tefolle rommel yn it wetter en wiene netten gewoan net te brûken. De Maybrat foelen dan wêrom op harren âlde metoade, tichsetfiskerij.

Dy tichsetfiskerij yn Ayamaru barde yn de ûndjippe slinken om de marren hinne. Dy waarden ticht setten mei in rige takken rjochtop yn 'e modder mei dêrtuskentroch flochten gers en grienwier. Dat wie in bewurklike metoade. As it tige reind hie dan stige it wetter yn de marren en rûnen de slinken fol en bleau it in tiidsje droech dan rûn it wer de oare kant op. Sadwaande moasten de fûken de iene kear mei de iepening nei de marren ta set wurde en in oare kear oarsom. En lyk as Fritsma moasten de misken yn Ayamaru ek goed oplette dat oaren de fûken net leechhellen. Op gaadlike plakken hiene se sels wachthúskes makke.

In pear dingen hiene de fiskers fan Ayamaru op Fritsma foar - en tsjin. Hja hoegden gjin fergunning en der kamen gjin grutte skippen lâns.

Dus dêr koe dei en nacht fiske wurde, sels yn de paaitiid, mar wer net yn de reintiid. En it ienige ferfiermiddel oer it wetter dêr is in prau sûnder útlizzers (in ‘Einbaum’, sa as dat sa treffend yn it Dútsk hiet). Dat moast sa'n prau foarby in fiskdaam, dan skoude de “skipper” gewoan wat takken en wier oan 'e kant om de boel dêrnei werom to lizzen. Yn dy fiskdaam siet natuerlik wol in lytse iepening, mar dy wie foar de fûke. Dy fûke dêr waard makke fan taai “spaansk” reid (rotan) en moast de fisk noch efkes libjen bliuwe dan setten de Maybrat de fûke gewoan mei de punt yn 'e modder; in aparte bun hiene se net nedich. Sa'n rotan fûke hat in losse trechterfoarmige keel dy't as deksel brûkt wurde kin en ‘it bern fan 'e fûke’ neamd wurdt.

Yn 'e doarpen om de marren hinne waarden de fisken droege op rekken en ferkoft yn 'e omkriten oant de kust ta. Want minsken binne oeral gelyk. Yn it binnenlân is in grutte seefisk tige wolkom en oan de seekant is sa'n swietwetterfiskje wer ris wat oars. Fiskers binne ek oeral gelyk. Lyk as Fritsma lieten ek de fiskers yn Laplân en Nij-Guinea har net út oer hoefolle der no eins sa deis of troch de wike fongen waard. It antwurd komt oeral op itselde del: “Och, de iene kear wat mear en de oare kear wat minder”.





S. van Galemawei 29

van woonhuis tot ambtswoning tot woonhuis

Robijn Steensma

In 1920 treedt Cornelis Stapel als gemeentesecretaris in dienst van de gemeente Baarderadeel. Aangezien de toenmalige ambtswoning van de gemeentesecretaris (S.van Galemawei 23) werd aangewezen als burgemeesterswoning, besluit hij een nieuwe secretarisswoning te laten bouwen.

Het ontwerp is van de gemeente-architect, dhr. Zondervan. Het verzoek om een bouwvergunning (incl. een stenen hok en een loopbrug over de dan nog bestaande sloot voor het huis) komt 14 februari 1921 binnen bij de gemeente Baarderadeel. De vergunning wordt afgegeven op ... 14 februari 1921. Het huis wordt vervolgens

gebouwd door de aannemer J. Miedema uit Mantgum. De totale kosten (incl. grond) komen op f. 13.466,47. (volgens Stapel later f. 16.500,-). Voor de bouw krijgt dhr. Stapel een «bouwpremie» van f. 2.000,-.

De eerste steen, links (en rechts) van de voordeur, wordt gelegd door zijn dan éénjarig zoonje, Gerrit Fokke Stapel.

In 1923 biedt Stapel het huis voor f 11.000,- te

Het huis, waarschijnlijk vóór 1950. Het huis heet nu "Huize Rolina". De kans is vrij groot dat het genoemd was naar de eerste mevrouw Stapel. Helemaal links op de foto, voor de voordeur is nog net een (tweede) afstapje zichtbaar. Dit afstapje moet verdwenen zijn bij de latere aanleg van een oprit (en garage). Grappig is dat de beschildering van de luiken op dit tijdstip meer overeenkomt met de oorspronkelijke ontwerptekening, dan de beschildering op foto 1.





Het huis rond 1923. Op de foto staan Cornelis Stapel en zijn zoontje Gerrit Fokke. Let op het luikje achter Cornelis Stapel t.b.v. het inpandig "húske". Achter het huis staat een stenen berging, die in 1990 is vervangen door een houten variant. Tussen de berging en het huis lag een waterput, vanuit de keuken te bereikbaar middels een waterpomp. Links van het huis is de toenmalige erker zichtbaar. Voor het huis loopt nog een sloot, getuige de brug.

koop aan de gemeente Baarderadeel, die dit echter vriendelijk weigert. Deze weigering leidt later tot grote problemen.

In 1941 overlijdt de echtgenote van Stapel, Rolina Hofman, waarna Stapel in 1944 trouwt met zijn huishoudster, Albertje Jellema uit Leeuwarden. Nadat Stapel na de oorlog een tijd op non-actief werd gesteld, overlijdt hij op 22 november 1949. De gemeente zit nu weer met een gemeentesecretaris (de opvolger van Stapel, Freerk Tjaberings) zonder ambtswoning, maar de gemeente wil liever niet weer nieuwbouw. Uiteindelijk komen B&W met de wed. Stapel overeen dat wanneer zij het huis aan de gemeente verkoopt (voor f 10.000,-), de gemeente voor haar een perceelsgedeelte in Leeuwarden regelt middels een ruil van 260 m³ bouwvolume met de gemeente Leeuwarden. Bij de verkoop zijn overigens niet inbegrepen «de boiler en de vaste wastafel».

Het huis werd inderdaad aan de gemeente verkocht, maar mw. Stapel weigert naar Leeuwarden te verhuizen, aangezien ze de daar aangeboden woonruimte(s) te klein vindt voor bewoning door haar en een vriendin. Ondertussen wordt de nieuwe gemeentesecretaris met zijn gezin ondergebracht bij de dominee A. Verstraaten, waarna het gezin intrekt bij mw. Stapel. Het laatste in volle overtuiging dat mw. Stapel snel zal verhuizen. Dit samenwonen schijnt met name lastig te zijn voor mw. Tjaberings.

Uiteindelijk besluit de gemeente woonruimte in Mantgum (Skillaerderdyk 5, nog altijd eigendom van de gemeente) beschikbaar te stellen voor de wed. Stapel. Het besluit wordt voorafgegaan door een pittige (besloten) raadsvergadering waarin argumenten over tafel gaan dat er niet voor alle gemeenteamttenaren huizen kunnen worden gebouwd, dat het onverantwoord is (in deze tijd) voor een vrouw alleen een huis te bouwen, dat er bij ds. Verstraaten woonruimte kan worden gevorderd voor of het gezin Tjaberings, of voor mw. Stapel. Voor de laatste gedachte lag al een concept klaar voor de Minister van Binnenlandse Zaken om woonruimte te vorderen.

Ten tijde van Tjaberings bevonden zich overigens volgens de toenmalige kinderoppas brede vensterbanken in het huis, met daaronder kastjes. In deze kastjes zat o.a. het speelgoed. Waarschijnlijk zijn deze kastjes en brede vensterbanken verwijderd bij het aanbrengen van de c.v.

In 1953 wordt het huis voor f 775,- verbouwd, waarbij de grootste wijziging betreft het verbouwen van de tuindeuren tot «lichtvenster». Daarna wordt, waarschijnlijk bij het aantreden van de nieuwe gemeentesecretaris, Hendrik Aukes, het huis in 1958 nog eens verbouwd. Hierbij wordt op de begane grond al het glas in de binnendeuren op de begane grond vervangen door hout, komt er vrij/bezet schuif op de w.c. deur, komt er een nieuwe douche op de eerste verdieping, komt er een nieuwe keldervloer, komen er overall nieuwe (gemeente-)deurkrukken, worden er slaapkamer-kastdeuren met hardboard bekleed en -plafonds met zachtboard (dat in 1998 grotendeels weer is verwijderd door de huidige



bewoners) en wordt ten slotte «op het aanrecht t.p.v. waar de pomp heeft gestaan een sintelbeton steenkastje gemetseld met daar bovenop een afneembaar deksel van hout».

In 1967 moet er een garage zijn gebouwd. De volgende verbouwing vindt plaats in 1968, wanneer Johannes Cornelis Oosterwijk het huis betreft. Voor deze verbouwing wordt door de gemeente, na enkele discussies, f 26.700,- krediet beschikbaar gesteld. Belangrijkste onderwerpen bij deze verbouwing zijn het vervangen van de erker in de woonkamer door een raam, het vervangen van de kamers en suite door een woonkamer met parketvloer, de aanleg van c.v., de aanbouw van een bijkeuken en een nieuwe keuken. Voorafgaand aan de verbouwing hebben de raadsleden Anema en Miedema (familie van de bouwer?) geconstateerd dat het huis prima gebouwd is, maar dat het ontbreekt aan

onderhoud. Argumenten tegen deze verbouwing zijn met name de luxe van c.v. en een parketvloer. Er wordt aan getwijfeld of «wij met het aardgas zo bijzonder op c.v. toegaan». De c.v. en parketvloer zouden bij de huur kunnen worden opgeteld. Ten slotte wordt in 1990 het vervallen stenen hok vervangen door een houten hok. Hiervoor zou de garage al een keer vervangen zijn geweest.

In 1998 is het huis door de gemeente verkocht aan de huidige bewoners. Zij hebben wederom het huis laten verbouwen.

Wederom hetzelfde huis, maar nu eind 1997, ten tijde van de verkoop aan de huidige bewoners. Aan de linkerkant van het huis zit een groot raam, waar vroeger de erker was. Toch is er nog veel onveranderd. Zo zijn de dak kajuiten nog volledig origineel.





De nijverheidsenquête van 1819 in Hennaarderadeel en Baarderadeel

Theo Kuipers

Op 12 mei 1820 stuurde Bernardus Buma, grietman van Baarderadeel, een enquêteformulier retour aan gedeputeerde staten van Friesland over een “opgave van den staat der onderscheidene fabrieken en trafijken” in Baarderadeel. De enquête in Baarderadeel stond niet op zichzelf maar maakte deel uit van een landelijk onderzoek. Ook Idsert Frans van Eijsinga, grietman van Hennaarderadeel, vulde plichtsgetroouw de formulieren in. Maar als je de ingevulde kolommen vergelijkt dan was Van Eijsinga een stuk minder consciëntieus dan zijn collega van Baarderadeel. Professor Dr. I. J. Brugmans heeft de gegevens van dit landelijke onderzoek gebruikt voor zijn klassieke studie naar de situatie van “de arbeidende klasse in de 19^e eeuw (1813-1870)”.

Hij komt daarin voor Friesland tot de conclusie dat er in 1819 geen enkel “grootbedrijf” (= meer dan 40 arbeiders) voorkwam. De nijverheidssector bestond hier geheel uit kleine bedrijven. Het merendeel werd gevormd door een meester met één of twee knechten. Alleen de klei-industrie (steen-, pan-, en kleibakkerijen) hadden op sommige plaatsen in het zomerseizoen, tien tot twintig arbeiders. Het was overigens ook de enige nijverheidstak waarin arbeid van kinderen wordt genoemd in de twee onderhavige gemeenten. In de wolkammerij was nog veel sprake van thuiswerk door spinsters. We kunnen dit ook constateren in de opgave van Hennaarderadeel, daar

wordt bij de enige wolkammerij expliciet vermeld dat er ook acht spinsters werkzaam zijn. Nergens in Friesland wordt in 1819 gebruik gemaakt van stoom als beweegkracht. Het is nog meest wind-, paard-, en mensenkracht. Minder opmerkelijk dan het in eerste instantie lijkt is het feit dat er voor beide gemeenten in totaal maar één korenmolen¹ voorkomt.

Dit heeft natuurlijk verband met het gegeven dat De Greidhoeke een typisch zuivelgebied was en er weinig tot geen graan werd verbouwd. Koren werd dicht bij het productiegebied gemalen en dat was nu eenmaal niet in de Greidhoeke. Alleen de twee tonderdozenfabrieken² in Hennaarderadeel hadden een afzetgebied dat zich uitstreckte over de gemeentegrenzen en wellicht ook over de provinciegrens. Van fabrieken in de moderne betekenis met scheiding van baas en arbeider, productie op voorraad i.p.v. op bestelling, arbeidsdifferentiatie en gebruik van machines of motoren was nergens in Friesland sprake.

Opmerkelijke verschillen tussen Hennaarderadeel en Baarderadeel.

Het type nijverheid verschilt in beide gemeenten niet erg. In Hennaarderadeel is wat meer ambachtelijke variatie met twee tonderdozenfabriekjes en twee uurwerkmakers. Opmerkelijk is vooral het verschil in kleermakers. In Hennaarderadeel worden er zes genoemd en niet één in Baarderadeel. Het is mogelijk dat deze huisnijverheid in Baarderadeel “over het hoofd” is gezien. Overtuigend is deze verklaring echter allerminst.



Fabrieken en Werkwinkels	Gemeenten	Getal der fabrieken en werkinkels	Getal der werklieden tot dezelve		Middelprijs der arbeids- loonen van de werk- lieden per dag in guld. en cents		Werwaarts de ver- vaardigde goe- deren hoofdzakelijk worden of werden verzonden	
			Werk- lieden	Kinde- ren	Werk- lieden	Kinderen	Vóór 1814	Na 1813
1	2	3	4	5	6	7	8	9
Broodbakkerijen	Baarderadl.	12	1 en de meesters.		0,60 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk
Broodbakkerijen	Hennaardl.	9	3		0,75		Plaatselijk	Plaatselijk
Grofsmederijen	Baarderadl.	8	8 en de meesters.		0,85		Plaatselijk	Plaatselijk
Grofsmederijen	Hennaardl.	5	4 en de meesters.		0,75 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk
Kleermakerijen	Hennaardl.	6					Plaatselijk	Plaatselijk
Korenmolens	Baarderadl.	1					Plaatselijk	Plaatselijk
Kuiperijen	Baarderadl.	13	5 en de meesters.		0,60 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk
Kuiperijen	Hennaardl.	8	6 en de meesters.		0,70 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk
Pannbakkerijen	Baarderadl.	1	3	4	0,85 1/2 maart t/m 1/2 oktober	0,30 1/2 maart t/m 1/2 oktober	Plaatselijk	Plaatselijk
Schoenmakerijen	Baarderadl.	17	4 en de meesters.		0,85 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk
Schoenmakerijen	Hennaardl.	6	4 en de meesters.		0,26 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk
Timmerwinkels	Baarderadl.	25	25 en de meesters.		0,80 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk
Timmerwinkels	Hennaardl.	11	31		0,90 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk
Tonderdozenfabrieken	Hennaardl.	2	Alleen de meesters.				Binnenlands	
Uurwerkmakerijen	Hennaardl.	2	Alleen de meesters.				Plaatselijk	Plaatselijk
Wagenmakerijen	Baarderdl.	3	3 en de meesters.	1	0,70 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk
Wagenmakkerijen	Hennaardl.	1				0,25 het jaar door	Plaatselijk	Plaatselijk
Wolkammerijen	Baarderadl.	6	4 en de meesters.		0,85 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk
Wolkammerijen	Hennaardl.	1	1 en 8 spinsters		Resp. 0,65 en 0,40 het jaar door		Plaatselijk	Plaatselijk



Voormalige en tegenwoordige toestand									Middelen van redres of aanmoediging
Vóór 1814			1e. Gedurende 1814, 1815 en 1817 2e. Gedurende 1817, 1818 en 1e helft 1819			Op 31 december 1819			
Toestand	Indien voordelig, waardoor?	Indien nadelig, welke verhinderingen?	Toestand	Indien voordelig, waardoor?	Indien nadelig, welke verhinderingen?	Toestand	Indien voordelig, waardoor?	Indien nadelig, welke verhinderingen?	
10	11	12	13	14	15	16	17	18	19
K ¹		Duurte der Granen	1 M 2 K		Meerder Debiet ² Hoge belastingen	G	Sterker Debiet		Vermindering v.d. belasting op de gest.
M			1 M 2 M			M			
K		Gesloten zee. Slechte dure Duitse kolen Gebrek aan werkvolk	1 M 2 G	Minder belasting op kolen en ijzer	Belasting op de kolen en het ijzer	G	Betere regeling der verzending	Gebrek aan werkvolk	Vermindering van de belasting op kolen en ijzer
M			1 M 2 M			M			
M			1 M 2 M			M M			
K		Hoge inkoop prijzen	1 K 2 G	Lage prijzen v. granen	Hoge inkoop prijzen	G	Lagere prijzen v. granen		
K		Hoge prijzen v. hout door gesloten zee	1 M 2 G	Veel werk	Meerder werk	M		Minder werk	
M			1 M 2 M			M			
K		Gesloten zee	1 M 2 G	Vrij vervoer + minder impost ³ op turf	Zware belasting op	G	Goed debiet		
K		Gesloten zee	1 M 2 G	Meer afzet		G	Veel werk		
M			1 M 2 M			M			
K		Weinig werk	1 M 2 K		Gebrek aan werkvolk en hoge daglonen	G	Vermeerdering van werkvolk		
M			1 G 2 G			G			
G	Veel afzet		1 M 2 M		Inkomen van Duits gefabriceerd goed bleef M	M		Blijft M door invoer van Duits gefabriceerd goed	
M			1 M 2 M			M			
M			1 M 2 M			M			
M			1 M 2 M			M			
M			1 K 2 K		Hoge prijs der wol bleef K	K		Blijft K door weinig debiet	Ophef v.d. impost op turf en groene zeep
M			1 K 2 K		Invoer v. buitenl. goederen bleef K	K		Blijft K door invoer van buitenl. goederen	

G = Gunstig M = Middelmatig K = Kwijnend



Grote verschillen in aantallen zijn er verder tussen het aantal kuiperijen (Baa = 13 / Hen = 8), schoenmakers (Baa = 17 / Hen = 6), Timmerwinkels (Baa = 25 / Hen = 11), en wolkammerijen (Baa = 6 / Hen = 1). Ook in de daglonen zijn er enkele opmerkelijke verschillen die zich niet gemakkelijk laten verklaren. De bakkers verdienen in Hennaarderadeel 0.75 per dag tegen 0.60 in Baarderadeel, een verschil van 25%. De wolkammers daarentegen verdienen in Baarderadeel weer behoorlijk meer dan in Hennaarderadeel, Het verschil bedraagt ongeveer 30%. Extreem is het verschil tussen het dagloon van de schoenmakers in beide gemeenten. In Baarderadeel verdienen de schoenmakers een behoorlijk dagloon van 0.85. In Hennaarderadeel is er 0.26 ingevuld. Een andere verklaring dan dat er hier sprake is van een fout heb ik niet. Het is toch moeilijk voor te stellen dat er een verschil in loon is van meer dan 200% binnen zo'n beperkt gebied.

En verder

Als je de ingevulde lijsten bekijkt van andere Friese gemeenten (steden en platteland) dan is het ook opmerkelijk dat er een aantal beroepen missen in de opgave van beide gemeenten. Want waar zijn de slaggers? In bijna alle opgaven van andere Friese gemeenten worden ze genoemd. Ik noem Wonseradeel met achttien, Idaarderadeel met vijftien, en Rauwerderhem met twaalf. Ook hier moet sprake zijn van een omissie, want middelgrote dorpen als Bozum, Oosterlittens, Jorwerd en Weidum boden genoeg bestaansrecht voor één of meer slaggers. Een ander beroep dat in beide gemeenten ontbreekt is de combinatie van verver/glasmaker. Het is niet onmogelijk dat dit beroep werd gecombineerd met dat van timmerman en dat zij onder die noemer zijn meegeteld. Dat verklaart meteen ook het hoge aantal timmerwinkels in Baarderadeel, het zijn er maar liefst 25. In de omliggende gemeenten zijn het er aanmerkelijk minder, Menaldumadeel (10), Idaarderadeel

(19) en Rauwerderhem (12). Maar in deze gemeenten komen wij wel afzonderlijke vermelding van een verver/glasmaker tegen: Menaldumadeel (5), Idaarderadeel (6) en Rauwerderhem (3). Minder opvallend is de afwezigheid van scheepswerven. De activiteiten op Kromwal zijn blijkbaar van een latere datum. Hoewel een puur ambachtelijke bezigheid werd het maken van boter en kaas toch gezien als onderdeel van het boerenbedrijf en niet genoemd in de enquête. Ook handels- en verkeersondernemingen vielen natuurlijk buiten het onderzoeksgebied. Het aantal bakkers (Baa. 12 en Hen. 9) leek mij in eerste instantie aan de lage kant. Ik had verwacht dat er meer zouden zijn, maar het komt toch redelijk overeen met aantallen in andere gemeenten: Menaldumadeel (16), Idaarderadeel (11), Rauwerderhem (6).

Verantwoording:

I.J. Brugmans. "Statistieken van de Nederlandse Nijverheid uit de eerste helft der 19^e eeuw." Rijks Geschiedkundige Publicatiën. Den Haag, 1956.
I.J. Brugmans. "De arbeidende klasse in Nederland in de 19^e eeuw. 1813-1870" Utrecht/Antwerpen, 1970.
Ryksargyf. Archief van Provinciale Staten van Friesland 1814 - 1922. Inv. nr. 3633.

- ¹ Waarschijnlijk is hier de Korenmolen in de omgeving van Baard bedoeld.
- ² Een tonderdoos is een klein blikken doosje met daarin een licht ontvlambare stof (= tondel) en een vuurslag om vuur te maken.



De skipshelling op Kromwâl

Flippus Breuker

Kromwâl hat oant 1966 net oan in ferhurde dyk lein. Fan de Britswerter Buorren ôf koe men der allinnich oer in ferhurde fuotpaad komme. Mar oars fansels ek oer it wetter, en dêr lei it ideaal foar. Midden yn de Greidhoeke oan de feart nei Snits, dêr't de bûter en tsiis fan de boeren hinne moasten. Gjin niget dan ek dat dêr al ier in skipshelling ûntstie. It buorrensje hat dêr miskyn syn ûntstean wol foar in grut part oan te tankjen, al hawwe der fansels grif ek fiskers wenne. Oer dy helling giet dit stikje. De skiednis dêrfan is foarsafier't dy bekend wie, fêstlein troch J. Vermeer yn syn moaie boek *Het Friese jacht* (1992). Dêr wurde ek in pear jachten fan de werf yn beskreaun en ôfbylde dy't dêr tusken 1918 en 1920 boud waarden. Dat wie in bloeitijd fan jachtbou. Werfboeken en oare papieren binne bewarre bleaun sûnt begjin 1900 en lizze no op it Skipfeartmuseum yn Snits. Wat hjir folget is ûntliend oan dat boek en oanfold mei wat dingen út krantekniptels en losse oantekens. Oer de âldste tiid is grif wol mear te finen. De âldste fermelding fan de helling is út 1651, mar doe bestie er al, dat hy hat miskyn wol folle âlder west. De lêste hellingbaas wie Ids van der Werf. Yn de Ljouwerter krante fan 28 maaie 1959 stiet er op de foto foar in moterkruser dêr't er mei oan 't bouwen wie. In oaren, *Waerlamke*, hie er krekt te wetter litten. Dat wie in skip fan sân by twaënheale meter. Van der Werf woe noch trije jier trochgean, dan hie er de sechstich jier fol. Dat is him slagge, want fjouwer oeren foar syn dea timmere er noch en dat wie yn 1967. Hy wie doe omtrint tachtich jier. Om 1925 hinne hienen hy en syn broer Simen fiif man personeel yn tsjinst. Simen die it tekenwurk en de admnitraasje, en hy timmere. Doe glieden der alle jierren hiel wat skippen fan de helling ôf: skûtsjes, molkskouwen foar boeren en fabriken, en moterboaten, mar yn de oarloch wie de klad der yn kommen. Simen ferstoar yn 1950 en sûnt wie Ids noch allinnich. Se hienen it bedriuw oernommen fan har



De âlde helling fan Kromwâl. Neist de helling it brêgewachtershûske, dan wenhuzen en in bakkerij.

heit, Gerben Simens (1849-1929) en dy op syn bar wer fan syn heit Simen Gerbens (1818-1890) en sa wie dat seis generaasjes lang gongen! De famylje wie yn 1728 op Kromwâl kommen. Doe hienen skipstimmerman Doekle Abes fan Drylts en syn frou Sjoeke Tsjamkes "sekere huysinge, schuytmakerije en hellinge c.a." op Kromwâl kocht. Doekle Abes ferfear nei Littens, dêr't er neffens it Quotisaasjekohier fan 1749 al skûtmakker wie. Syn broer Gerben Abes wie doe skûtmakker op Kromwâl. Oare hellingen wienen der doe yn Baarderadiel net en dy fan Littens heart men nei de achttjinde ieu ek net mear fan. Dan is Kromwâl noch de iennichste. Neffens it Patintregister fan dat jiers wie Abe Gerbens dêr yn 1808 hellingbaas. Dy hie in soan as feint, ik tink dat it Gerben Abes west hat. Fjirtich jier letter, yn 1849, wienen der neffens it befolkingsregister twa feinten. De namme Van der Werf namen se yn 1811 oan. Fan Gerben (1849-1929) is bekend dat er op de grutte slypstien dy't se hienen, winters ek redens slipe en dat sille syn foargongers ek wol dien hawwe. It stee fan de werf is der noch en ek stiet it fernijde hok der noch dêr't de skippen yn boud waarden. Hoe't it der om 1900 hinne út seach is moai te sjen op in aansichtkaart, dy't hjir oernommen wurdt út it boek *Baerderadiel sa' it wie* (1978).



Littenseradiel en Klaaikluten: famylje-oantinkens I

Auke Hantjes de Vries

Ik bin berne op 16 maaie 1914 te Nijlân, gem. Wymbritseradiel. Op 2 nov. 1917 ferhuzen wy nei Burchwert, wêr't ús heit in winkel kocht hie. Troch de oarloch wie hy as mitsler-oannimmer wurkleas wurden. Hy ferfong syn broer Lammert yn de fytschannel en –makkerij op Sjungadyk ûnder Burchwert, mar dat gereizich fan Nijlân nei Burchwert begûn te ferfelen. Nei de legere skoalle gong ik nei de HBS te Snits, dêrnei yn nov. 1932 as folontêr op it gemeentehûs te Wytmarsum en trije jier letter krige ik myn earste betelle baan op it gemeentehûs fan Nijeskâns.

It doarpsgebiet fan Burchwert grinze oan de gemeente Hinnaarderadiel. Yn de aaisikerstiid doarme ik wol troch de Aylvapolder oan de noardkant fan ús doarp. De poldermole, dêr't doe in Baarda mulder wie, stie krekt yn Hinnaarderadiel. Myn suster Betsy wie freoninne mei de dochter Sip fan Baarda. Us heit hie foar ús as bern in lyts boatsje kocht, sûnder roer, mar wol mei in mêst en in seil. Dêr koe ik, as de wyn geskikt wie, mei farre troch it Brewaar oan de

Krommesyl ta en dan werom roeie. In inkele kear kamen wy ek wol yn de polder oan de oare kant fan de Ljouwerter feart en swalken dan nei de kant fan de Wommelser Súdhoeke, dêr't ek in mole stie.

No en dan gong ik wol mei de molkfarder Tjeerd Hemstra nei de bûterfabryk (oan de eastkant) te Wommels. Dat gong earst rjochting Boalsert, dan de Kleasterfeart yn nei Oegekleaster, om dêr fan in boer de molke oan board te nimmen. Dan werom om itselde healwei by boer Kroondijk op sate Grûns - dat doe noch ûnder Burchwert hearde, mar no ûnder Hichtum. Dêrfoar moasten wy ûnder in brechje yn de trekdyk in opfeart yn nei de pleats ta. Hemstra kaam mien ik fan Kûbaard, mar wie mei in Burchwerter froutroud. In Sake Hemstra – famylje fan him, hy hie sels in soan Sake – hat chauffeur op de bus fan Frjentsjer op Snits oer Wommels west. Letter hat dêrop ek chauffeur west Bouwe Speerstra, in broer fan myn sweager Ruurd Ale Speerstra. Har mem wenne as widdo op Westerlittens. Ruurd

Herberch „De nieuwe aanleg” by de eardere krúsdyk, ticht by it stasjon. Nei de oanliz fan it spoor, waard it dêr in drokke nearing fab rytugen en fuormanswinen, dy 't binammen freeds en tiisdeis de lju brochten, dy 't nei de wykmerken woenen. Dit is ek wer Oosterhout, dy 't earder de herberch yn é buorren sette litten hie.





hat wurke by in omke fan him fan memmekant, dy't yn de Súdhoeke wenne. En letter by Van der Meer op Kûbaarderhoeke oan de Hottingawei. Letter ha Ruurd en Betsy ruile mei ús heit op Sjungadyk. Heit koe sa te Wommels yn de kost komme by de famylje Kamstra, wenjend by de brêge oer de Ljouwerter feart.

Us heit ferkocht yn de winkel bûter fan de Maatskippijfabryk oan de oare kant fan Wommels. Dat waard dan meinommen troch de skipper Sjoerd Nauta, dy't op Boalsert fear. Doe't wy yn 1943 te Frjentsjer kamen te wenjen, waarden wy as leden fan de Meniste gemeente wolkom hjitten troch deselde Sjoerd Nauta, dy't te Frjentsjer rinteniere. Syn dochter wie ûnderwizeres oan ien fan de iepenbiere skoallen – ûnder ien dak – fan Frjentsjer. Ik ha ek wolris in boadskip dien foar ús heit op de neamde fabryk. Der wie doe in direkteur Faber; dy syn soan Douwe siet by my yn de klasse op de HBS te Snits. Wêr't Douwe bleaun is, wit ik net. Myn suster Betsy krige te Wommels naailes fan in Jeltje Dykstra (?). De beide froulju ha my ris opsocht yn Nijeskâns, doe't hja foar in oar doel te Grins wêze moasten.

Te Burchwert hienen wy earst as húsdokter Ten Cate fan Boalsert (heit fan de journalist Lourens ten Cate). Mar dy hie der in hantsje fan by in syktegefal tige lang te rinnen, sadat wy op in stuit oergongen nei dokter Sjoerd Nammensma te Wommels, wat men wol neamt in boeredokter. Hy wie opfolger fan dokter Hoekstra, fan wa't in soan boargemaster west hat fan Baarderadiel en Haskerlân. Dy âlde dokter ried noch mei hynder en wein, en hie as koetsier in Sjerp Broersma. Dy syn dochter Pietje wie troud oan har neef Alle Broersma, dy't by it spoar wurke hat. Beide binne al ferstoarn, en binne yn Wommels op it hôf brocht. Wy ha har faak moete by in dochter te Wynskoat, dêr't wy mei befreone wienen. Alle Broersma wie de lêste chef op it stasjon Jellum-Boksum. De dochter Aaltje wie yn dy tiid befreone mei in nicht fan my te Jellum, Betsy, dochter fan Gerben Sjoerds Algera en Jantje Piers Oppedyk, suster fan myn mem Wyske. Omke Gerben wie timmerfeint by baas Kees Kingma te Bears; oan hûs hiene hja in winkeltsje. Omke en muoike binne net âld wurden. Muoike hat lang

siik west, en ik wit noch dat hja yn in tintsje op it hiem lei.

Nei Nijeskâns ha ik noch wurke op de gemeentehuzen fan Borger yn Drinte, Naarden yn it Gooi, Frjentsjer en Wynskoat. Fan 1961 oant 1979 ha ik te Ljouwert wurke as skriuwerskathâlder fan de Bescherming Bevolking Friesland-Noord. Dêr foel wat no Littenseradiel is, ek under.

Myn pake fan heitekant wie Jillert Dirks de Vries, berne op 10 oktober 1854 te Teroele. De foarnamme Jillert waard útsprutsen as Jildert of Jilt. Doe't omke Lammert syn earste soan te Wytmarsum oanjaan soe – hja wennen neist pake Jildert en beppe Sjoerdsje op Sjungadyk ûnder Burchwert – draafde pake him efternei, ropende: it is Jillert mei twa l's.

Pake Jillert hat earst mar in goed jier troud west mei in Gatske Bottema - hja stoar nei de berte fan in dochterke Gerbrigje – en twads mei ús beppe Sjoerdtje Andela goed 58 jier. Pake syn âldste broer hie it as boer te Lytsewierrum net meitsje kinnen, en sa waard pake gjin boer mar kastlein/komelker, en wol earst te Hartwert. Nei syn twadde houlik ferhuzen hja nei de herberch op de Kliuw ûnder Hidaard. Dêr waard 4 jannewaris 1881 ús heit Hantje Jillerts de Vries berne. Dit kafee sil by ferskate minsken bekend wêze troch de lettere "útbaatster" Tsjerkje Huitema.

Pake wie in goed kastlein. Dat hie ek syn beswieren. Want doe't de hierjierren om wienen, woe de eigner der sels yn, of wie it in gaadlik bedriuw foar in soan. Sa kamen hja te wenjen yn it stasjonskofjehûs ûnder Boazum. Op de grutte herberch yn it doarp wenne doe in famyljelid, Otte (?) Schuurmans. Mei dit stasjonskofjehûs barde wer itselde. Nei ferrin fan de hierjierren waard ek hjir de hier opsein. Doe hat skoanheit Hantje Sybrens Andela te Nijlân foar de jongelju de herberch op Sjungadyk ûnder Burchwert kocht. Yn 1916 koene hja rintenierven gear, en wol yn 'e buorren fan Ysbrechtum. Op Schoonoord ûnder dit doarp wenne beppe har broer Sybren Hantjes Andela. Hja hawwe te Ysbrechtum wenne; nei inkele jieren ferhuzen hja nei de 2^{de} Hollandiastrjitte te Boalsert. Oer de tiid yn Boazum ha ik gjin gegevens, dus moat ik mei it boppesteande folstean. Tenei fierder.



S. v. Galamawei 23 - Mantgum



De gevelsteen op het markante huis Galamawei 23 te Mantgum. Het huis had als eerste bewoners het gezin van burgemeester Van Douwen. Hij verkocht het huis in de jaren dertig aan Douwe Swierstra. Omdat Swierstra niet vrij was van “nocht en ûnnocht” had hij op de gevel de tekst “Tinken is vrij” geschilderd. Dat hij daarbij een spellingsfout maakte deerde hem allerminst. Ook “skriuwen is frij”! Het huis wordt nu bewoond door de familie Zadelhoff.

P.s.: (aanvullende reacties zijn welkom bij Frits Sieperda te Mantgum. E-mail: frit_siep@hotmail.com of bij de redactie e-mail: tkdeponge@planet.nl)